



### In kleedsje yn de Prinsetún

1. It is tiisdeitejûn en twa jonge froulju sitte op it terras. De woelige stêd is fol leven. Auto's jeie foarby, scooters gûnzje en ronkje, krykkrakjende fytsen ride troch read. Stimmen roezemuozje yn in skala oan talen. De fammen, hast tritigers, prate oer harren tiid op de middelbere skoalle.
2. It wiene oare lûden, dêr en doe. Moarns ier en betiid heardest se fan fierren oankommen. Swiere fytstassen fol mei kranten, ratteljend tsjin de speaken. Fan Wyls oer Lekkum op Ljouwert oan. De wyn dy't rûsde, klysters dy't songen, de opboarre brommer fan de buorjunge dy't oer de smelle dyk jage.
3. Altyd wiene se tegearre. Mei in surfplanke efter de boat oan op 'e Bonkefeart, gekjeie en skatterlaitsje. Op in kleedsje lizze yn de Prinsetún, wachtsje op neat, mar dreame fan alles. Twa dwersbongels dy't skoaltsjeskûlje en sykje om ferdiveadaasje yn de Doelesteech. Ta de nacht út dûnsje yn diskoteek Fire, oant it swit harren by de bealch del rint.
4. Jierren letter sitte se mei har twaen foar it kafee, hûndertfiifnfjirtich kilometer fan de Aldehou ôf. Mar ynienen liket er hiel tichteby. Se klinke elk mei in glês iiskâlde gin-tonic en beide witte se it: 'Ienkear geane wy werom, dat ús bern it ek meimeitsje kinne.' En dat giet troch, want wat in Fries yn 'e kop hat, hat er net yn 'e kont.

Welmoed Sijtsma, 2018